

Parseberjocht

Nei 8 jier komt de Slachtemaraton werom, Wat oars!?

Mei nije ûnderdielen en op elke kilometer ferdivedaasje

Easterbierrum - Nei 8 jier is de Slachtemaraton werom fan fuort west. Op 15 juny 2024 sil dizze draaf- en kuiermaraton foar de sechsde kear plakfine. It startpunt is Easterbierrum en Raerd is it eindoarp. Dit kear is der net allinnich de fertroude maratonôfstân, mar ek in nije heale maratonôfstân foar de dravers en in estafettekuier foar skoallebern.

Tongersdei 15 juny 2023, krekt ien jier foar de start fan de folgjende edysje, waard de nije datum en it taheakjen fan de heale maraton en estafettekuier lâns it skitterjende Wad, op 'e dyk by Easterbierrum presintearre. Under begelieding fan opswypjende trommelmuzyk fan de Sternse Slotlanders fertelt foarsitter Anne Jochum de Vries fol entûsjasme wêrom dizze edysje fan de Slachtemaraton ekstra bysûnder wurdt.

"Neist dat wy nije ûnderdielen hawwe, geane wy ek werom nei de roots. Yn 2000 besochten wy dat op elke kilometer muzyk te hearren wie. Dat wolle wy ek no wer! Wy roppe dêrom eltsenien op dy't muzyk makket om him of har by ús oan te sluten om ek Meirinner te wurden en sa de riners en kuiers op harren tocht wjukken te jaan en in prachtige dei te belibjen." As feestlike ôfsluting fan dizze bekendmaking song Piter Wilkens syn bekende It Paad werom, mei muzikale begelieding fan de Spijkerpakkenband.

Slachtemaraton foar jong en âld

Nij dit jier is ek de estafettekuier foar basisûnderwiisbern rûnom de Slachtedyk. Dêrmei wol de organisaasje de jeugd belûke yn de tradysje fan dizze kulturele maraton. Ek wurdt der op it stuit in jeugdrie gearstald út de belutsen Slachtedoarpen. Dêrmei lit men sjen dat de Slachtemaraton foar jong en âld is.

Doarpen soargje foar belibjen ûnderweis

It evenemint giet werom nei de basis wat kultuerbelibbing oanbelanget, mei it leafst op alle kilometers in muzykkorps, dûns of oare muzikale en kulturele ferdivedaasje. De 22 doarpen dy't by de rûte del slingerje soargje foar ekstra belibbing ûnderweis. Hokker ferhaal fertelt de Slachtemaraton foar harren doarp? Elk doarp sil oan it wurk en bringt de ûnderfining lâns de kant fan de dyk. De organisaasje is fêstbesluten om fan dizze edysje in grut sukses te meitsjen. De Vries, "De wrâld wêryn't wy libje hat in Slachtemaraton nedich, in evenemint dat ús by inoar bringt, dat ús wer ferbynt mei wêr't we libje, wa't we binne en wêr't de rykdom fan it lân en de doarpen om ús hinne leit. Wy ha der sin oan!"

Freonen fan de Slachtemarathon

De ynskriuwing fan de maraton iepenet oan it begjin fan 2024. Freonen fan de Slachtemaraton kinne in wike earder ynskriuwe en meitsje gebrûk fan it foardiel dat se wis binne fan in startbewiis en in startiid útsykje kinne. Ek organisearret de Slachte alle jierren dat der gjin maraton is in Freonekuier en rin foar de Freonen. Ofrûne sneon kuieren mear as 250 Freonen in prachtige kuier rûnom Seisbierrum en Winaam. Freon wurde kin oant 1 oktober 2023.

Foar mear ynformaasje oer de Slachtemaraton 2024 en ynskriuwings kinne jo terjochte op de offisjele webside slachtemarathon.frl De organisaasje nûget elkenien

út om mei te dwaan oan dit unike evenemint en te genietsjen fan de prachtige kultuer en natoer fan Fryslân.

Noat foar de redaksje

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei Taetske Albada, marketing en kommunikaasje Slachtemarathon. Stjoer in mailtsje nei taetske@slachtemarathon.frl of belje/appje Taetske Albada foar fragen: 06-41236505.